Sartre en de iiskâlde hel fan Starum

STARUM - 'De hel, dat binne de oaren'. It binne miskien wol de meast sitearre wurden fan de Frânske skriuwer/filosoof Jean-Paul Sartre (1905-1980). It is in sitaat út de ienakter 'Mei sletten doarren', dy't justerjûn yn Starum yn premiêre gie yn de regy fan Pieter Stellingwerf út Himmelum. Hy regissearre it stik as ôfstudearprojekt fan de Hegeskoalle foar de Keunsten yn Utert, ôfdieling teater. It plak dat er dêr ta útkeazen hat is de âlde slûs yn Starum. Dêrmei waard de foarstelling de earste fan in lange rige iepenloftspullen dy't fan 't jier yn Fryslân spile wurdt.

Sartre skreau it stik yn de Twadde Wrâldoarloch nei't er in skoft yn in konsintraasjekamp sitten hie. Dêr hie er ûnderfûn hoe't minsken elkoar it libben ta in hel meitsje kinne, allinne al troch elkoars oanwêzichheid. Der binne, sa seit er mei 'Mei sletten doarren', echt gjin barbecues mei minsklik fleis foar nedich om in minske dea-ûngelokkich te meitsjen.

Plak: De âlde slûs, Starum. **Foarstelling:** 'Mei sletten doarren' (Huis Clos). **Skriuwer:** Jean-Paul Sartre. **Oersetting:** Klaas Bruinsma. **Regy:** Pieter Stellingwerf. **Spilers:** Ytsje Hettinga, Walter van der Meer, Joke Tromp en Mindert Wijnstra. **Belangstelling:** 150 besikers. **Bysûnderheden:** jûn, moarn, sneon en moandei wer, alle kearen om 21.15. Kaarten bestelle kin by de VVV yn Starum, tel. 05149-1616.

Yn 'Mei sletten doarren' wurde trije minsken nei harren dea yn in keammerke by elkoar set. De skriuwer/sjoernalist Garcin, de lesbyske postamtner Ines en de idele, mansike Estelle. Se hawwe it foarútsicht de ivichheid mei elkoar diele te moatten. Sliepe hoecht net, sels mei de eagen knipperje is der net by, altyd - elke tel - sil elk fan har him/har besjoen witte troch de beide oaren.

Dramatyske spanning krijt it stik mei't de trije personaazjes geandewei de foarstelling hieltyd mear priis jouwe fan wêrom't se yn 'e hel terjochte kommen binne. De oergeunst, de kreauwerijen, it narjen en it útdaagjen dogge de rest. In tradisjonele foarstelling dy't it publyk útnoeget him mei ien of mear fan de personaazjes te identifisearjen wurdt it lykwols net. De skriuwer hat de trije deaden allinne de minklike driften en gewoanten meijûn dy't him it bêste útkamen. Gjin ferlet fan sliep, net dea kinne, mar noch wol pleage wurde troch langstme nei seks en wurdearring, sa leit it lân der sa'n bytsje hinne. It idee efter it stik en de spanning dy't de skriuwer mei de útwurking dêrfan opropt binne lykwols grut genôch foar in tige boeiende fiif kertier.

Is de âlde slûs in gaadlik plak foar de hel fan Sartre? Ja en nee. It plak is der yslik genôch foar. Der is alles oan dien om de hel fan Starum sa kâld en 'unheimisch' mooglijk te meitsjen. In laachje wetter op de flier dêr't de spilers trochhinne wâldzje, kâlde stiennen muorren en noch kâldere metalen banken. It probleem is lykwols, dat it yn 'e hel fan Sartre sa ferhipte waarm is. Faaks hie it in idee west om de personaazjes kleie te litten oer de kjeld yn stee fan oer de waarmte. Sartre syn hel wykt al safolle ôf fan de tradysjoniele kristlike foarstelling dêrfan, dat dat der er noch wol by kind hie. No krijt de tsjinstelling tusken de tekst en it plak fan spyljen in ûnbedoeld komysk effekt.

Foar it oare is de âlde slûs in prachich plak foar dit stik. Foaral it byld fan it iepenjen fan de (slûs)doar nei de rest fan de hel mei der wêze. De trije einen dy't healwei de foarstelling delstrutsen wiene net opnommen yn de regyoanwizigen fan Sartre. It ferskil is fansels wol dat se yn syn hel bret wiene, wylst se yn de hel fan Starum noflik in baantsje swimme koene.

De fjouwer akteurs binne skoan berekkene foar har taak, ek al stroffele Ytsje Hettinga soms raar oer har wurden. In moaie fynst wie it om de húsfeint op 'e râne fan de slûs noflik mei de fuotten yn in tobke mei waarm wetter del te setten om - wylst er mei smaak tsiis siet te iten - de trije nije bewenners fan de hel yn it each te hâlden. Hy waard dêrmei de personifikaasje fan it sadisme dat de minsklike ferhâldingen stjoert.

SIETSE DE VRIES